

# Fan de Jongereinkommisje

Kabouters (berne yn 2017, 2018, 2019, 2020)	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	18:30	12 maaie - 25 augustus
Keatstrainen fjild	Woansdei	17:30 - 18:15	29 april - 2 july
Plak	Easterein		

Welpen (berne yn 20145 en 2016)	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	18:30	12 maaie - 25 augustus
Keatstrainen fjild	Woansdei	18:15 - 19.00	29 april - 2 july
Plak	Easterein		

Pupillen (berne yn 2013 en 2014)	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	19:00 18.30	28 april - 23 juny 7 july - 25 augustus
Keatstrainen fjild	Tiisdei	17:45 - 18:45	28 april - 23 juny
Plak	o/m 23 juny Wommels, dêrnei Easterein (30 juny bêrn-âlderpartij)		

Skoaljeugd (berne yn 2011 en 2012)	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tiisdei	19:00 18.30	28 april - 23 juny 7 july - 25 augustus
Keatstrainen fjild	Tiisdei	17:45 - 18:45	28 april - 23 juny
Plak	o/m 23 juny Wommels, dêrnei Easterein (30 juny bêrn-âlderpartij)		

Jonges   Famkes (berne yn 2008, 2009 en 2010)	Dei	Tiid	Perioade
Kompetysjekeatsen	Tongersdei	19:30	30 april - 28 augustus yn Easterein
Keatstrainen fjild	Tiisdei	19.00-20.00	28 april - 23 juny yn Easterein



## OPJEFTE LEDEPARTIJEN

Wedstriid **freed** = opjaan foar tiisdei 18.00 oere  
 Wedstriid **sneon/snein** = opjaan foar woansdei 18.00 oere

Kabouters o/m skoaljeugd fia groepsapp '[Jongereinkeatsen](#)'  
 Jonges/famkes fia groepsapp '[KF opjefte-@pp](#)'

DE JONGES/FAMKES  
 KATEGORY KINNE SAWOL  
 DE KOMPETYSJE AS DE  
 WEDSTRIDEN KEATSE BY  
 DE SENIOAREN

## OPJEFTE KNKB OF REGIO WEDSTRIID

Foarich jier hat elts lid in link krigen om yn te loggen mei harren bûnsnûmer en wachtwoord op de KNKB webside. Sadra'st lid wurdst, krijst dizze link tastjoerd.

- Gean nei de webside fan de KNKB: [www.knkb.nl](http://www.knkb.nl) en log yn.
- Klik op 'Wedstriiden' en ferfolgens dyn kategory.
- Sykje dyn wedstriden troch it nivo (A/B - KNKB of C - Regio) en eventueel datum te selektarjen.
- Klik op de betreffende wedstriid en ferfolgens op de button 'Aanmelden', folje de fjilden yn die nedich binne en klik wer op 'Aanmelden'. Krijst in befêstiging op 'e mail.
- Let op:** je moatte fuort online mei iDeal beteljen. Op de wedstriiddei foarkomt dit drokte mei beteljen fan de ynlis. Moast dy op de wedstriiddei noch wol efkes melden by de wedstriidlieding.
- Let op:** de slutfingsdatum is tiisdeis 20:00 oere fóar de wedstriiddatum.
- Nei it ferstjoeren en beteljen stiest op de oanmeldlist dy't fuort en daliks sichtber is op de webside. Dizze 'Aanmeldlist' stiet by de wedstriid neist de button Aanmelden.

\* WITSTO DYN  
 BÛNSNÛMER NET?  
 FREEGJE IEN ÛT DE  
 JONGEREINKOMMISJE

## BÊSTE LÊZER!

Ja do ja: leafhawwer of talint, supporter of ûntdekker. Mar ek bêste âlder of begelieder, do ja, dy entûsjaste supporter of praktyske mooglikmakker foar ritsjes of punten by de tillegraaf. Jim allegear ha we nedich om der wer in moai nij keatsseizoen fan te meitsjen. Der leit in moai nije flyer foar jim noas. Altyd wer in handich en moai oersjoch wêr't we wiis mei binne. Wy sizze fansels: jou dizze in fêst plak op jim kuolkast of prikboerd.

De sealtrainings binne west op it momint fan lêzen. Altyd wer in moai begjin fan it jier, want hoe wie it ek alwer om tsjin sa'n lyts baltsje oan te slaan? Goai dêr noch in grutte poarsje wille en baljen boppe op tidens it keatskamp en dan moat datselde baltsje yntusken wol wer fertroud fiele.

De gearwurking mei KF Wommels kriget ek wer in ferfolch. Ús pupillen en skoaljongerein sille nei de buorlju fytsje foar de trainings en oanslutend it kompetysjekeatsen. We gean der wer foar om elkoar oan te foljen en fan en mei elkoar te learen. En fuort ek mear fariasje yn maten ha te kinnen. Se kinne ús kant ek opkomme foar it keatskamp op 14 en 15 maaie. Ûnderdompele yn it spannende tema "Koade Read" en dêrby hackers, speurnoazen en spionnen sil it ek dit jier wer in feest wêze yn en om de Skoalleseize.

Hoe kinne we fierder de bern posityf stimulearje? Troch Wommels kamen we op it idee om elk bern op de kompetysje-wedstriden foar harren oanwêzigens te beleanen mei in startpunt. Gjinn bern bliuwt sa op de 0 punten stean en it soe úteins krekt it ferskil meitsje kinne yn de einútslach. Dat like ús in moai stimulaasje om kommand jier te besykjen.

Foarich jier stie it ek al beskreaun, mar noch ris: we ha sawol alle bern as âlders of begelieders nedich. Elkoar motivearje, begeliede wêr it kin, bystjoere en meitinke wêr it nedich is of... Júst helpe mei in stapke werom te dwaan en de bern it sels út fine te litten. Litte we sels de slingers ophingje, dan komt it altyd goed! En mochten jim al tsjin saken oanrinne dy't net dúdlik binne of om in oare reden, fiel jim frij om ien fan de JK oan de mouwe te lûken. We tinke graach mei en stean iepen foar nije ideeën.

As ôfsluter wolle we as jongereinkommisje jim in hiel moai en sportyf keatsseizoen tawinskje en wy hoopje jim dan ek in soad op 'e keatsfjilden yn Easterein en omkriten te sjen. Dan meitsje we der mei elkoar in boppeslach fan! **Súkses mei de modderige knibbels en de grutske ferhalen oan de itenstafel!**

Oant sjen op de fjilden!

Mei in entûsjaste sportive groet,  
 Martina, Rémon, Trynke, Wiepkje & Imke

Oprjochte yn 1904  
**KF Easterein**

**KEATSKAMP**  
 is dit jier op 14 en 15 maaie!





## JONGEREINKOMMISSIELEDEN 2026

Imke van der Leest	Foarsitter (fakatuere foar 2027)	06-49942283
Rémon Bouma	Partoeren	06-11389110
Trynke Draijer	Kompetysje	06-17866174
Wiepkje Sijbesma-Hiemstra	Wedstriden	06-33700768
Fakatuere	Wedstriden/Algemien lid	
Martina Kooistra	Skriuwer/Trainingen	06-25497897

## KEATSWEEETJES | REGELS

- Yn de kategory kabouters en welpen jildt yn de wedstriid en by de kompetysje: **earste fout telt**.
- Nei de kompetysje freegje we de bern sels harren perk op te romjen. De krammen/proppen yn in amer, sadat we net ien kwytreitsje.
- Nei de wedstriid freegje we âlders om te helpen it fjild mei op te romjen.
- Mei kompetysjekeatsen en ledepartijen hat elkenien in funksje: opslagger, foarynse of efterynse.
- Graach 5 minunten foarôf oanwêzich wêze mei de trainingen en kompetysje. Foar de wedstriden graach 15 minuten foarôf oanwêzich wêze.
- Goeie ynset, sportiviteit en wês aardich foar inoar!
- Spylje it spultsje mei dyn maat/maten sa dat jim in goed en foaral gesellich partoer wurde.
- Elkenien hat goeie sportklean en goeie skuon oan.
- Lit gjin rommel efter yn de klaiboksen en op it fjild.
- Meidwaan is op eigen risiko. De âlders bliuwe tidens it keatsen ferantwurdelik foar harren eigen bern.
- Foar de kabouters en welpen jildt de regel neidat de slach ôfrûn is: rölje de bal nei inoar ta. Dit foar in flotter ferrin fan de wedstriid.

## WINNERS KOMPETYSJE '25

### Kabouters

- 1e priis Folkert Joustra
- 2e priis Djurre Faber
- 3e priis Benthe Kamstra

### Welpen

- 1e priis Harmen Joustra
- 2e priis Sven Sijbesma
- 3e priis Hielke Tuinstra

### Pupillen

- 1e priis Jelke Sijbesma
- 2e priis Lotte Kuiper
- 3e priis Iris Bosgra

### Skoljeugd

- 1e priis Fenne Sijbesma
- 2e priis Marrit van der Weij
- 3e priis Bauke Jan Dijkstra



## BERN-ALDER PARTIJ TIISDEI 30 JUNY 2026

**Dyn moaiste of gekste ferklaai-outfit oan en dan keatse mei dyn heit of mem? Machtich dochs!? Dat kin op de bern-âlder-partij!**  
Kin dyn heit of mem net? Gjin panyk, meist ek in omke, beppe, âldere broer etc. freegje!  
Elts is wolkom om mei te dwaan!



## PRIPPERKES OM TE WITTEN...

- Alle ynfo foar de kompetysje as sawol foar de training stiet yn it oersjoch. Sjoch der goed nei, dan ûntgiet dy neat.
- **Wolsto meidwaan oan de kompetysjewedstriden?** Stjoer **foar moandeis 18:00 oere** in berjochtsje yn de groepsapp "Jongereinkeatsen". Mochten jim in kear te let wêze mei opjaan, kinne jim Trynke altyd efkes freegje ofst noch meidwaan kinst. Soms past it noch wol, mar as de partoeren al yndield binne slagget it spitigernôch net.
- **Nij dit jier!** Elk bern krijt ien **startpunt** by oanwêzigens op de kompetysje. Dit punt komt boppe op de winstpunten. Ast ferliest, hast dochs in punt foar it meidwaan. Wy hoopje hjirmei de opkomst te stimulearjen en beleanen.
- **Nij dit jier!** Yn de boufak wurdt der sûnder punten kompetysjekeatst. Dit om de fertsjinne punten sa earlik mooglik te hâlden. Faak binne der net in soad bern en wurdt der skowt mei bern yn de kategory. Sa soenen de punten net lykwurdich ferdield wurde.
- De groepsapp "Jongereinkeatsen" kin brûkt wurde foar opjette foar kompetysje en wedstriden, net foar ôfmeldingen!
  - Ôfmeldingen foar wedstriden trochjaan oan Wiepkje.
  - Ôfmeldingen foar de kompetysje trochjaan oan Trynke.
  - Ôfmeldingen foar de training trochjaan oan de trainer.
- De **jonges/famkes** kategory binne foar sawol de kompetysje as de wedstriden wolkom by de senioaren. Opjaan foar it kompetysjekeatsen kin foar tongerdeis 16:00 oere fia de groepsapp "KF opjette-@pp".
- De yndieling foar help fan de âlders by de kompetysje en de wedstriden sit by dizze flyer. Mocht it net pasje dan graach ûnderling ruilje en witte litte oan Trynke (kompetysje) as Wiepkje (wedstriden).
- As jim fuort gean te keatsen foar de KNKB of regio wedstriden, dan kinne jim in **shirt fan KF Easterein** ophelje by Akke-Jikke van Berkum, Dobbelaan 4. Dizze is net bedoeld foar de eigen ledenpartijen.



## WEBSITE

Der stiet in hiel soad ynformaasje op ús webside [www.kfeasterein.nl](http://www.kfeasterein.nl).

Dêrneist is der in 'keats-útslaggen' groepsapp fan de keatsferiening, wêryn't alle keatsútslaggen komme fan jong en âld. Oan de hân fan dizze ynfo en foto's kin elk sjen wat der wûn is, mar se wurde ek brûkt foar ferslaggen.

**Wolst ek yn dizze app?**  
Lit it dan Wiepkje witte.



## PRIVACY

**Wy bringe jim graach op 'e hichte fan it folgjende:**  
op en om it keatsfjild kinne foto's makke wurde. Nei wedstriden of oare aktiviteiten kin it wêze dat der nammen yn in wedstriidferslach op de webside komme. Mochten jim (bern) dit net wolle, dan kinne jim dit trochjaan. Sa net, dan gean we der fanút dat jim hjir akkoart mei gean.

## OPSLACHÔFSTANNEN 2026

Kategory	KNKB		Regio	
	Famkes	Jonges	Famkes	Jonges
<b>Ofstân</b>	<b>yn meters</b>	<b>yn meters</b>	<b>yn meters</b>	<b>yn meters</b>
Welpen	12	14	10	11
Pupillen	15	18	13	15
Skoljeugd	18	22	16	19
Famkes	21		18	
Jonges		26		22

